

Nijsbrief Gemeente Westerwert en Mantgum  
Simmer 2018

Bêste minsken ,

Sa foar de simmer hawwe wy noch inkelde wichtige meidielingen oer de tsjinsten foar de simmer.

1.

Snein 1 july hawwe wy in iepenlofttsjinst yn de loftspiegeling fan Unia State te Bears. De bern komme mei de boat fan Jorwert nei Bears ta (fertrek om 09.30). De grutte minsken sammelje om 09.45 op Unia State. Dan kinne wy ús dêr ynstallearje en de bern ophelje út it haventsje. Wy drinke dan earst kofje, tee en limonade yn de loftspiegeling. Wy wolle elk fregje om óf kofje óf tee óf limonade mei te nimmen. De jeugdkommisje soarget foar wat by de kofje. Der steane 30 stuollen yn de poarte dy't wy brûke kinne. Oaren kinne op de grûn sitte. Miskien noch inkelde stuollen en kleden meinimme? Sjoch ek de bylage 'Farre nei Bears'. Wy treffe it, it wurdt prachtich waar!

2.

Op snein 8 july hawwe wy tsjinst yn Mantgum (ds. W. Keuning). Nei de tsjinst hat de tsjerkeried fan Westerwert-Mantgum inkelde meidielingen oer de takomstige gearwurking fan Westerwert mei Mantgum en ek oer de takomstige gearwurking mei Nijkleaster. Op dizze snein wurde nei de kofje de plannen fan de tsjerkerieden útlein. Nei de simmer komme der twa gemeenteljûnen, ien foar Westerwert en ien foar Mantgum. Beide sille hâlden wurde op **moandei 10 septimber** 2018. Nei it hearen fan de gemeenten nimme de tsjerkerieden in beslút oer de fierdere takomst fan Westerwert, Mantgum en Nijkleaster op woansdei 26 septimber. (De jierrekens fan Westerwert en Mantgum binne dizze snein ek beskikber).

3.

Op 15 july hâlde wy de lêste tsjinst foar de simmer yn Jorwert. Mar de kleaster-moarn op woansdei giet de hiele simmer troch. Jimme binne dêr altyd tige wolkom, ek foar it moarnsgebed allinne (tusken 09.30 en 10.00 oere). Op sneon 14 july is der ek noch in simmerske stiltemiddei by Nijkleaster (13.00 – 17.00 oere/ € 10) ûnder lieding fan kleasterpastor Saskia Leene.

**Mei in hertlike groetnis fan de tsjerkeried fan**

**Westerwert - Mantgum.**